

# Fryske Skriuwdei

Bisto ek ien fan dy miljoen Nederlanners dy't geregeld literêre teksten skriuwe?  
En wolst dêr mear mei as it allinne foar dysels hâlde?

KOM DAN NEI DE FRYSKE  
SKRIUWDEI OP SNEON 31 MAAIE YN TRESOAR

Betûfte skriuwers jouwe tips, trúks en skriuwoefeningen.  
En wat ek fan belang is: Je komme in kear achter de kompjûter wei  
en treffe oare minsken dy't ek mei literêr skriuwen oan de gong binne.

DIELNIMMERS OAN DE SKRIUWDEI  
KINNE KIEZE ÚT TRIJE DEIPROGRAMMA'S

1. POËZY, 2. PROAZA FOAR BERN, 3. PROAZA FOAR FOLWOEKSENEN

SKRIUWARK MEINIMME - WOL OPJAAN

SNEON 31 MAAIE

## PROGRAMMA

- 09.45 Ynrin, kofje/tee, iepening en útlis oer it programma (Tresoar)
- 10.15 – 12.00 Workshops troch
- Jetske Bilker – proaza foar folwoeksenen  
Lida Dijkstra – proaza foar bern  
Tsead Bruinja – poëzy
- 12.00 – 13.00 Lunch by de Brasserie
- 13.00 – 15.00 Skriuwe op lokaasje yn it Natuurmuseum Fryslân
- Jetske Bilker – proaza foar folwoeksenen  
Lida Dijkstra – proaza foar bern  
Arjan Hut – poëzy
- 15.00-16.00 Yn eigen groep neibesprek skriuwopdracht
- 16.00 Ofsluting

Mear oer de workshops op [sirkwy.nl](http://sirkwy.nl) of op [skriuwersboun.nl](http://skriuwersboun.nl).



### Foar Wa?

De skriuwdei is foar minsken dy't dwaande binne mei literêr skriuwen en dy't dêr graach fierder mei komme wolle. Meidwaan kin maklik en it ferplichtet ta neat.

### Lokaasjes

Moarns wurde de workshops jûn yn Tresoar yn Ljouwert, nei de lunch geane de workshops fierder as 'Skriuwe op lokaasje' yn it Natuurmuseum Fryslân ek yn Ljouwert. Alles leit op rinôfstân.

### Kosten

Meidwaan is fergees. De lunch en de tagong ta it museum binne foar eigen rekken.

### Sa dochst mei

Opjaan foar 25 maaie fia [skriuw@hotmail.com](mailto:skriuw@hotmail.com) of telefoanysk by Elske Schotanus, tel. 0513 – 62 34 65. Dêr graach by oanjaan oftst dy opjoust foar it poëzy- of foar ien fan de beide proazaprogramma's.

### De smaak te pakken? Der binne ferfolchmooglikheden

- By Tresoar wurde yn de hjerst fan 2014 skriuwkursussen jûn. Dielnimmers gean yn in groep mei in dosint oan 'e slach mei eigen wurk. Folgje de ynformaasje op [sirkwy.nl](http://sirkwy.nl)
- Skriuwers kinne ferhalen, gedichten of oare teksten oanbiede oan ien fan de beide literêre tydskriften dy't Frysktalich wurk publisearje: [ensafh.nl](http://ensafh.nl) en [demoanne.nl](http://demoanne.nl).